

In detektive fan grappen en potsen

De útgjowers fan de rige Fryske Klassiken II hawwe in goede set dien troch de misdiedroman *Wês foarsichtich, Watse* te werprintsjen fan de Skylger Jo Smit (1916-1991), dy't yn 1963 de Gysbert Japicxpriis krige. De eigensinnige en humoristyske detektive hâldt jo fan it begjin oan 'e ein ta yn de besnijing.

GERBRICH VAN DER MEER

It ferhaal dat yn 1968 skreaun is, komt der yn it koart op del dat priveedetektive Watse van der Laan op in stuit yn syn stamkafee De Septer yn 'e krante lêst dat syn freon Saling deabiten is troch de hûn fan in hoer. Hy kin der net by dat Saling, dy't krekt as him ek wol nocht hat oan sneupen, op dizze wize om it libben kommen is en hellet ferhaal by Saling syn faam Geldau. Geldau is sa bliid as in protter as se fernimt dat Watse de

offisjele lêzing fan Saling syn dea ek net fertrout. As Watse op ûnder-syk útgiet en de smjnten op it sporar komt docht al gau bliken dat de ûnderwrâld him leaver hjoed as moarn slite wol. Hoewol't Watse aardich partij biedt, hawwe de bindeleden him en Geldau op in stuit dochs yn 'e skjirre. As Geldau wit te ûntkommen keart alles him lokkich ten goede.

It aardige fan de rige Fryske Klassiken is dat de útgjowers neist it werprintsjen fan de roman ek plak ynromje foar in neiskrift, dêr't

de lêzer mear gewaar wurde kin oer de skriuwer, it boek en de útjeften. Dizze kear hat Trinus Riemersma de edysje foar syn rekken nommen en dat liket net tafollich te wêzen: Smit en Riemersma hawwe elkoars paad wol faker krusse....

Skobbejak

Riemersma lit ús yn syn stúdzje witte dat de oanlieding ta it skriuwen fan *Wês foarsichtich, Watse* in ferhaal fan himsels wie, dat yn 1968 yn it literêr tiidskrift *de Tsjerne* stie. It teltsje gong oer in Dútske hoeder dy't as bazin in prostituee hie. De hûn biet op in stuit earst de klant fan syn bazin dea en dêrnei it minske sels. It ferhaal woe dat de hûn syn bazin net werkende om't se neaken wie. Smit seach de humor der lykwols net fan yn en skreau syn eigen ferzje, dat útrûn yn de detektive *Wês foarsich-*

tich, Watse. In saillant detail yn it ferhaal fan Jo Smit is dat de grutste skobbejak fan de binde in sekere Rinus Tiemersma is. De ferbining mei Trinus Riemersma is fansels dailiks lein; Jo Smit sil dy namme grif mei nocht útsocht hawwe. De editeur lit ús fierder witte dat dit lichtfuottich ferhaal yn noch gjin fjirtjin dagen syn beslach krigen hat en yn deselde tiid skreaun is as it oersjoch fan De Fryske literatuer 1945-1967. It detektiveferhaal tsjinne nammentlik as in wolkome ôfwikseling fan it sekuer bestudearjen fan 'e Fryske literatuer nei de Twadde Wrâldoarloch. Ek it besprek fan it sjenre en re-sepsje smyt aardige ynsichten op. De lêzer sil nei it lêzen fan dit boek dan ek goed beslein wêze.

Jo Smit, Wês foarsichtich, Watse!, Utjouwerij Fryslân 2000, 22,90 gûne